

## Flearmuzen yn Friens



Gewoane dwerchflearmûs

leeftiid: 7 oant maksimaal 30 jier

gewicht: 5 gram

grutte: 18 oant 24 sm (flerken)





Rûge dwerchflearmûs

leeftiid: 7 oant somtiden 30 jier

gewicht: 7,5 gram

grutte: 22 oant 25 sm



### Iten

Alle Nederlânske soarten flearmûzen binne ynsekte-iters. In flearmûs moat nachts in kwart oant in tredde fan syn eigen gewicht oan miggeboel ite. Dit hâldt yn dat der elke nacht mear as 300 miggen, motten en fleanende tuorren op fretten wurde moatte. Soks betsjut dat in inkele flearmûs fan 15 maaie oant 15 oktober rûchwei sa'n 40.000 miggen en motten opfret.

In koloanje flearmûzen hettet op dizze wize tsientallen kilo's miggen út de loft. De measten hjirfan binne skealik. De flearmûzen dogge sadwaande in soad wurk foar ús, sûnder dat we dat yn 'e gaten hawwe. In koloanje kin tusken de 5 en de 400 flearmûzen grut wêze.

By it jeien pakke hja de ynsekten somtiden mei harren wjukken of mei de sturrtfanghûd. Dertroch fleane hja net yn ien rjochte line, mar meitsje hja skerpe bochten.

### De jongen

De rûge dwerchflearmûs hat yn Nederlân gewoanwei gjin kremkoloanjes. Yn de hjerst komme de wyfkes dizze kant út om de mantsjes op te sykjen. It sperma wurdt dan opslein en pas nei de wintersliep komt it aaike frij en krije hja ein maaie ien jong. De jongen wurde nachts in kear as wat fuorre mei molke. Begjin july fleane hja dan ek nei bûten om it jeien op te pakken.


Itselde ferhaal giet op foar de gewoane dwerchflearmûs, allinne dy krijt hjirre jongen en de rûge dwerchflearmûs sit mear nei it easten (Estlân, Letlân, Wyt-Ruslân en Poalen)

Yn de hjerst komme de wyfkes fan de rûge dwerchflearmûs dizze kant wer út om in mantsje te sykjen. Sa'n mantsje hat it mar dreech, hy hat wol sa'n tsien wyfkes dêr't er oppasse moat en dan ek noch syn gebiet frijhâlde fan oare mantsjes.

Oerwinterje

Hja oerwinterje yn gebouwen. Tink dêrbij oan spoumuorren, ûnder dakpannen, efter betimmeringen, beamholten, fûgelkaskes en sa. Yn Nederlân hawwe de flearmûzen gjin djippe wintersliep om't hjir de winters trochinoar net botte kâld binne. De winterperioade rint fan novimber oant en mei maart.

Wêr binne hja



Rûge dwerchflearmûs

de blauwe streepen binne de "trek"routes. (hoe dikker hoe mear brûkt)



Gewoane dwerchflearmûs

Dit binne de plakken wer at hja jûns fleane om motten te fangen yn Friens  
Dizze bisten binne oerdei ek yn Friens, mar dan binne se min te finen.  
Hja sitte oerdei ûnder oaren ûnder de dakpannen, yn holle beammen en yn spoumuorren  
(somsiden ek wol op souders)  
Ein oktober geane de earsten nei de winter ferbliuwplakken wer at de termometer net ûnder de 0  
graden komt  
Yn de twadde wike fan oktober ha ik harren sjoen en heard

Bartle de Leeuw.

